

Jaargang 7, 2003 nr. **1**



# *Klaaikluten*

*Nijsbrief fan de Stifting ArgHis*



Fotokollage fan it saneamde “kommelershûske” yn Easterein. Op side 18 in bydrage fan Folkert Reitsma oer de histoarje fan dit âldste pand fan it doarp.



## COLOFON

Klaaikluten verschijnt enkele malen per jaar en wordt uitgegeven door de  
Stifting ARGEOLOGYSK-HISTOARYSKE RUNTE  
Littenseradiel

### Stifting ArgHis

Correspondentieadres:

J. Scheffer De Terp 11, 8831 ZG Winsum (Fr.)

Bestuur:

S.Fopma	voorzitter
J. Scheffer	secretaris
J. Kersbergen	penningmeester
Ph. H. Breuker	werkgroep Historie
Th. Kuipers	werkgroep Historie

Redactie Klaaikluten: Ph. H. Breuker  
Th. Kuipers

Vormgeving en opmaak: F.J. Sieperda,  
De Finne 20,  
9022 AZ Mantgum  
frit\_siep@hotmail.com

Correspondentieadres: Philippus Breuker, Singel 1,  
8635 MK Boazum  
Th. Kuipers, De Ponge 4,  
9022 BA Mantgum  
e-mail: tkdeponge@tiscali.nl

# Wurd foarôf

Ek dizze kear binne wy der wer yn slagge om in kreas fersoarge blêd ferskine te litten. Net allinnich yn syn uterlike foarm mar ek ynhâldlik kin it besjen lije. Philippus Breuker bliuwt ek no wer ticht by hûs. Dizze kear my in artikel oer de twa terpen yn Boazum en it stee dêr't de âldste tsjerke stien hat. Yn in mânske bydrage skriuwt Jelle Miedema in ferfolch op syn ûndersyk nei "it huis Struik/Stroek" yn Wommels. Hy leit in relaasje tusken it stee Struik/Stroek en in âld tsjerkhôf dat foar in part lein hat op it plak dêr't no it gemeentehûs stiet. Auke H. de Vries is wer op 'e tekst oer syn foarfaars in ús kontreien. No oer Thomas Jetzes Schuurmans dy't in Boazum wenne. Fan Folkert Reitsma in histoarysk oersjoch oer de bewenningsskiednis fan it komelkershúske yn Easterein. Sawol de fynst fan Miedema as ek de strideraasje yn Easterein oer it komelkershúske helle de Ljouwerter Krante. Foar it bestjoer fan ArgHis mei oanlieding om dit 'e hjerst yn in iepenbiere gearkomste te praten oer it tema "monumintesoarch yn Littenseradiel". Op side 7 set de foarsitter útein mei in foarnimmen fan it bestjoer om ús efterban better te ynformearjen oer ús plannen en aktiviteiten. Syn meidielings binne derfan in begjin. Bydragen foar it twadde nûmer fan dit jier graach foar ein july nei de redaksje.

De redaksje




*Het exterieur en het interieur van de romaanse kerk in Bozum. Breuker bestudeerde de geschiedenis van zijn woonplaats en wist ook het kerkelijk grondbezit in 1543 grotendeels te reconstrueren.*



## De stichting fan de earste tsjerke te Boazum

Philippus Breuker

De Boazumer Buorren leit op twa terpen, dy't elkoar by it Altaplein reitsje. De noardlike, dêr't de tsjerke op stiet, hjitte fanâlds Hoekens, de súdlike moat it eigentlike Boazum west hawwe, dat dus yn oarsprong net oars as in terp wie en noch net de namme foar it hiele doarp. Mooglik is de súdlike jonger as de noardlike, want dy súdlike koe wolris fergrutte en wawit dus ek wol ûntstien wêze doe't wetteroerlêst makke dat pleatsen út it fjild nei heger oarde ferpleatst wurde moasten. Yn alle gefallen is de noardlike terp hiel âld. Dat is bekend út de potten en diggels dy't út it hert fan de terp op it Frysk Museum bewarre bleaun binne doe't er yn de Earste Wrâldoarloch ôfgroeven waard en feroare yn in poel. Dy datearje út de Romeinske tiid en miskyn noch wol fan foar dy tiid. In gaadlike tiid om oan te tinken as it giet om it ophegjen of eventueel sels it ûntstean fan de súdlike terp, is





### Kerkelijk grondbezit in 1543 te Bozum

- |                    |  |
|--------------------|--|
| patroon            | - ongeveer de helft (in florenen) van de boerderijen III en 21 (zie voor de laatste Sipma OFO I 162 van 1461)  |
|                    | - drie losse percelen:<br>pt 1, onbebouwd, ovaalvormig (alsof het kerkterrein was geweest) op kruin zuidelijke dorpsterp;<br>pt 2, kerkhof met aansluitend perceel, aan rand noordelijke dorpsterp;<br>pt 3, huisstee  |
| pastoor            | - een perceel in Bongier (in 1515; in 1543 niet vermeld)   |
|                    | - 22, kavel, met erf op noordelijke dorpsterp (vroeger op zuidelijke?) en losse percelen op Nieuwland, wellicht ook op Oudland (aansluitend aan kavel 11, welk perceel dan lanter naar 11 zou zijn gegaan) en in Bongier (daar vijf percelen)  |
|                    | - 11, kavel met erf op Indijk, die pas bij eerste uitbreiding van de polder Indijk lijkt te zijn ontstaan, en losse percelen op Oudland (in drie velden, waarvan een aansluitend aan de kavel van 22, z.a.; de plaats van de zeven pm. aan de Bozumervaart niet ver van het Wieuwerdermeer (opgave 1693) is niet geheel zeker), maar niet op Nieuwland of in Bongier   |
| vicaris            | - 25, kavel met erf op zuidelijke dorpsterp en losse percelen op Oudland, Nieuwland en in Bongier (daar vier percelen).<br>Oorspronkelijke patroonboerderij??  |
| prebendaris        | - 20, kavel met erf op noordelijke dorpsterp (uit het bezit van de Jongama's, die direct zuidelijk ervan naast de kerk hun stins op 21 hadden?) en losse percelen op Oudland, Nieuwland (in twee velden) en in Bongier (daar twee pondemaat)   |
| <b>Aantekening</b> | Opmerkelijk is de spreiding van het kerkelijk grondbezit over het dorpsgebied. Afgezien van de (tweede) pastorieplaats op Indijk, ligt alle eigendom in dat deel van het dorp dat hoort bij de tweelingterp waarop ook de kerk staat _ alsof de kerkstichting een zaak van die ene buurschap is geweest.<br>Nader onderzoek in grotere dorpen met veel buurschappen als Tzum, Dronrijp, Wommels en Oosterend is gewenst. |

---

### Kerkelijk grondbezit in 1543 te Bozum

#### Legenda

- a. Zelfstandige onderdelen
  - I. Kleiterp
  - II. Indijk (grens met I voor ca. 1543 Moeilijk te fixeren)
  - III. De Staten
  - IV. Makkum
  - V. Bozum/Hoekens
  - VI. Langaard
- b. Grijsgetinte velden met sporen van gemeenschappelijk gebruik in veldnamen, verkavelingspatroon en verspreide eigendommen;
  - Oudland (richting Wieuwerd; ook in noordelijk deel Kleiterp, niet ingetekend)
  - Nieuwland (in voormalige Middelzee)
  - Bongier, bouwland in lange akkers tussen paden en wegen (B)



de fyfte ieu of sa. Doe't nêst in jier of wat op it Heech it parkearplak achter de herberch oanlein waard, kamen dêr diggels út de sande of achtste ieu foar it ljocht.

Op de noardlike terp stiet dus de tsjerke. It tsjerketerrein leit alhiel oan de noardlike râne fan dy terp, wat wol apart is, want tsjerken stean meastal op de krún. Op dy krún stie yn dit gefal in stins, dy't it eigendom wie fan de Jongema's. Grif hawwe de Jongema's in stik fan de terp ôfstien om oan wjerskanten fan har stins in tsjerke en in pastorijs op te setten. Dat sil west hawwe yn de tolfte ieu, uterlik yn 1226, want doe waard de tsjerke wijd. Fuort moat al bekend west hawwe hoe grut oft dy tsjerke wurde soe, want hy stiet moai midden op it tsjerketerrein. In âldere en dan grif lytsere tsjerke hat der op dat plak dêrom grif net stien. Dêr is it terrein te grut foar. Fan sa'n âldere tsjerke binne trouwens ek gjin spoaren bekend en dat hie miskyn wol kinnen, want dêr sil by de restauraasje wol om tocht wêze.

Dochs tink ik dat op in oar plak al sa'n âlder tsjerkje stien hat. En dat is op de krún fan de súdlike terp, wêr't no it fergaderlokaal fan de tsjerke noch stiet, op Waltawei 20 en oan de oare kant dyk, op nr. 37. Want wat wie it gefal? Op de krún fan dy terp lei fanâlds in ovaal stik grûn fan de patroan fan 'e tsjerke, dat wol sizze fan de tsjerke sels, dus net fan de pastoar of in fikaris, noch fan de diakenij of wat oare ôfdieling fan de tsjerke fierder ek mar. Oant 1614 ta wie it in apart stikje, doe waard it by it omlizzende boulân ploege. Op de noardwestkant nei, want dêr lei in paad, grif itselde as hjoeddedei noch it kromjende Heech dêre! It wie in goeie 1000 kante meter. It komt yn it âldste tsjerkeboek foar as it steed op 'e Buorren (1515).

It stee bestiet dus yn syn oarspronklik foarm al net mear sûnt 1614, mar letter is it ek noch troch in wei oer de terp hinne dwarstroch snijd yn in noardlike helte (Waltawei 20) en in súdlike (Waltawei 37). Dy wei hie deselde loop as de tsjintwurdige Waltawei. De terp is ôfgroeven yn 1874. Earst waard dy wei dien, dy't doe in skoftlang hol kaam te lizzen. It stikje tsjerkegrûn noardlik fan de wei bleau tenearsten noch lizzen,

oant yn 1880 it hûs dat dêr op stie, ôfbrutsen waard en in bewaarskoalle derfoar yn it plak kaam (dy't letter fergaderlokaal wurden is). De kop dy't der doe ôfgroeven waard, wie in goeie oardelmeter heech. Dat witte wy, omdat der nei it útgraven fan de wei in trep hinne late fan sân trêden heech.

It alde hûs wie de fikarij, it hûs dus fan de fikaris. Fuort dêr tsjinoan stie de fikarypleats, dy't der trouwens as gebou noch altyd stiet. Tsjin it fikarylân oan lei wer it pastorijslân, beide op nei it westen ta. Ek dat wiist derop dat de earste tsjerke yn Boazum dêr op de krún fan de súdlike terp stichte is. Dat sil dan yn alle gefallen wol yn de alfte ieu west hawwe, as it noch net noch earder wie. Ek dy tsjerke sil wol wer troch in fiere Jongema stichte wêze. It hat grif ien fan de âldste tsjerken yn dizze úthoeke fan it âlde rjochtsgebiet fan Frjentsjer west. Tenearsten (alleast sûnt de tiid dêr't de earste berjochten út oerlevere binne) foel de tsjerke ûnder de biskop fan Utrecht en mocht dy de pastoar beneame, mar letter kamen de rjochten oan it kleaster Lidlum en waard er ûnderdiel fan it personaatskip fan Winsum, dat diel útmakke fan dat kleaster. Dat sil miskyn yn de rin fan de trettjinde ieu bard wêze, doe't Aesge fan Boazum abt wurde koe. De proast fan Sint Jan te Utrecht, dy't fan de biskop de rjochten yn Westergoa oerkrigen hie, fersette him oars tenearsten wol tsjin de oanspraken fan it Lidlumer kleaster. Yn 1473 waard de saak foargoed yn it foardiel fan Lidlum besljochte. Sa koe ien (prebendaris Wopke van Albada?) yn de sechstjinde ieu dan ek foar yn it rekkenboek fan 1556 e.f. oantekenje: Patroen tot Boesum is St. Merten. Bosumer pastorije leyt onder 't Clooster van Winsum, Premonstreytse ordre. Mei dat Winsumer kleaster moat wol Lidlum ûnder Easterbierrum bedoeld wêze.

Op bygeand kaartsje is it âlde stee oanjûn as pt. 3. It stiet mei de taljochting en de foto's yn in artikel fan prof. P. Gerbenzon yn *Alde Fryske tsjerken* 1983.



## Van de bestuurstafel

De activiteiten van de Stifting ArgHis hebben in het afgelopen jaar op een iets lager pitje gestaan dan we zelf wel gewild zouden hebben. Dat betekent natuurlijk niet dat er niets gebeurd is. Het is nu eenmaal zo dat een aantal zaken, waarmee we ons wel degelijk hebben bezig gehouden, zich wat meer op de achtergrond afspeelen. We hebben het dan b.v. over het verstrekken van adviezen op



*Gezicht op Leons*

het gebied van archeologie en cultuurhistorie aan diverse instanties en personen, het zoeken naar informatie over archeologische en historische onderwerpen enzovoorts. Wat u het afgelopen jaar vooral van ons gemerkt heeft, zijn, naast de jaarvergadering de verschillende edities van “Klaaikluten” geweest. De heren Ph. Breuker en Th. Kuipers vormen sinds enige jaren de redactie van dit blad, dat onder hun leiding langzamerhand is uitgegroeid tot een professioneel nieuwsorgaan met een brede variëteit aan onderwerpen op historisch gebied. Overigens is er een voortdurende behoefte aan nieuwe onderwerpen,

die in de nog te verschijnen edities geplaatst kunnen worden. Dus, als u een “nijskijrrich” artikel heeft, of wil schrijven, neemt u dan contact op met één van beide heren. Klaaikluten zal ook dit jaar weer enkele malen verschijnen en we streven er naar de kwaliteit van het blad op een zo hoog mogelijk peil te houden. Voor 2003 zijn een aantal activiteiten ingepland, die door de Stifting, in samenwerking met de donateurs en andere belangstellenden, uitgevoerd zullen worden.

Zo is er het Project Gevelstenen. Stifting ArgHis wil in de loop van dit jaar de gevelstenen in de Gemeente Littenseradiel in kaart brengen. Er komen hier en daar hele bijzondere voor en het inventariseren hiervan wordt een omvangrijke klus. Waar mogelijk zal hierbij een beroep worden gedaan op enthousiaste belangstellenden. Eén van de vaste activiteiten van de Stifting is het in samenwerking met Gemeente en Provincie, uitvoeren van archeologische waarnemingen in de Gemeente Littenseradiel. Dit gebeurt vaak, wanneer voor een bepaalde locatie bouwplannen worden ontwikkeld. Ook hiervoor zal, waar mogelijk, een beroep worden gedaan op belangstellende onderzoekers.

Verder hebben we besloten om jaarlijks minimaal tweemaal een openbare bijeenkomst te houden. Als u deze editie van Klaaikluten ontvangt, is onze eerste openbare bijeenkomst van 22 april reeds achter de rug, maar wij zullen op 13 november 2003 een thema avond organiseren met als onderwerp Monumentenbeheer. Onze gemeente telt een flink aantal monumenten in de vorm van gebouwen, windmolens en archeologische locaties. Aan de orde komen vragen als: wat is eigenlijk een monument, hoe zit het met beschermde dorpsgezichten, wat zijn beeldbepalende elementen en hoe gaan we daarmee om. Kortom, redenen genoeg om dit onderwerp uitgebreid te belichten. Wij houden u op de hoogte.

Namens het bestuur,  
S.Fopma, voorzitter



## Struijck, Struik en Stroek (II)

# Fia in helling nei in âlde pleats en in âld begraafplak te Wommels

Jelle Miedema

*Earder kaam yn Klaaikluten in Huis Struik yn Wommels oan bod. De namme Struik giet wêrom nei in hoarnleger St[r]uijck fan 1657 by it buorrentsje dat hjoeddeis Stroek hiet. Dêr is yn 1702 sprake fan in hûs 'de Stroek', yn 1733 neamd 'de Struik', mar yn 1765 fine we ynienen in 'Huis Struik' mear nei it westen by de Trekfeart. Oer dat nije Huis Struik (letter 'Filadelfia') giet meast dizze bydrage, mar ik kom ek werom op it Stroek en op in 'old kerckhoff' neamd yn 1543.*

'Also er niets sekerder is als de doot, en ter contraris niets onsekerder als de tijdt en ure van dien' – sa begjint yn 1687 it testamint fan Lammert Lammerts Kamp, frijgesel te Wommels. Hy bepaalt dêryn dat syn hûs mei helling en boathûs eigendom wurde moatte fan de 'kercke armen van den dorpe Wommels':



*'Waar voorheen [yn 1740] een schuitemakerij was aan de Trekvaart te Wommels' nei de sitewaasje yn it begjin fan de foarige ieu. Presys yn it midden fan'e foto, tusken de beammen, it nije hûs ZO IS 'T, letter HUIS STRUIK en wêr letter FILADELFIA (foto: kolleksje S. Kroijenga, Vianen).*



**...staende met die conditie nogtans dat Siouck Iges soo lang sij leeft sal hebben vrugt gebruick van de huisinge tegenwoordig bij mij testator selts bewoont (...). Item sal Hoite Jelles Schuitema hier soo lang hij leeft gebruicken mijn helling ende schuithuis, als mede vrije woninge hebben in 't huis tegenwoordig by Ate Olferts bewoont mede tot Wommels staende** (kopy 1692, argyf tsjerkfâldij Wommels no. 118b; myn arsearing JM).

Fierder prelegateart Kamp oan Symon Annes te Wommels in hûs yn Easterein en 'aen de kercke armen van Hindelopen mijn landerijen aldaer gelegen benefens mijn half huis aldaer staende' – dat alles op betingst dat hy net trout en bern krijt. Dat sil net it gefal west ha, sjoen de lettere wederwarichheden fan syn besit. Yn 1739 geane de diakenen fan de tsjerke fan Wommels in wandelkoop [ruil] oan mei dr. Albertus Lycklama à Nijeholt, sekretaris fan Hennaarderadiel, en syn frou Adriana van Burenstins:

**...waar door de eerstgenoemde in hunnen qualiteit in waaren eigendom transporteeren en overdraagen aan genoemde echte lieden seekere huizinge, schuure, en hovinge cum omnibus annexis de Helling genaamd [...] staende en geleege in den dorpe Wommels op de zuidzijde van de buurte, bewoond door Sybe Lolkes [...]. Waar tegens de voorgemelde echte lieden transporteeren, en in waaren eigendom overdraagen seekere gerechte achtste deel van een stemdraagende zaate en landen onder den dorpe Kubaard, op 't cohier met no. 4 bekend** (idem).

Dr. Albertus Lycklama à Nijeholt wurdt dus yn 1739 de nije eigner fan 'de Helling'. In jier letter keapet hy nóch in hûs, 'de Struik' (sa neamd yn 1733; 'Struik' yn 1740), dat fierderop nei it easten lei (sjoch Kaartsje 1).



*De Helling, it lettere nije Huis Struik (perceel 4) mei hoving (5 en 6) en it âlde hûs Struik [Stroek] (90) mei hoving (92), nei de sitewaasje yn 1832 (út: Van der Vaart & Talsma 1994, blêd 20; myn arsearing JM)*

Mar kenlik wie it net Albertus' bedoeling om op 'Struik' wenjen te gean, want yn 1741 lit hy op it plak:

**...waar voorheen een schuitemakerij was aan de Trekvaart te Wommels [...] een huis bouwen dat in den hardsteen gevel tegen alle bedillers het opschrift draagt Z0 IS 'T** (Wumkes 1930:95)

Yn 1740 is Albertus Lycklama à Nijeholt eigner fan de huzen 'de Helling' en 'Struik' (op it Stroek) – en dermei fan de hiele streek grûn súdlik oan 'e râne fan terp Wommels. Hy is de bouwer en earste bewenner fan it nije 'Huis Struik' en derom earst wat mear oer dizze earste eigner en syn posysje.

Berne yn 1705 te Steenwijkerwold, studeert Albertus ynearsten medisinen en letter, nei't hy Herfoarme wurden is, rjochten te Frensjer – wêr't hy yn 1728 yn 'e rjochten promoveearret (Van der Aa e.o., Diel 11:768). Hy trout yn 1729 mei Adriana van Burenstins (dochter van Hector



van Burenstins, boargemaster fan Frenstjer), is earst advokaat te Frenstjer en dêrnei, fan 1738 oan't syn dea yn 1753, sekretaris fan Hennaerderadiel – as opfolger fan dr. Van der Sluys, wa syn namme we letter wer tsjin komme sille. Albertus Lycklama à Nijeholt hearde ta it laach fan begoedige notabelen en wie, mei fierder ek grûn en huzen yn syn besit, aardich op wei ûnder dy notabelen in 'grut man' te wurden. Dat blykt út it kwotisaaasjekohier fan 1749 (wêryn hy as in 'welgesteld boer met een schoon rieuw en beslag' te boek stiet), mar ek, nei syn dea, út noch in oar besit. Yn 1770 ferkeapet syn jongste soan Jacob Egbertus, mei foar syn susters en broer (folget), oan Cecilia, Titia en Wieske Apollonia van Sminia te Wommels:

**...seekere geregte helfte van een wijd uitgestrekte Zwane Jacht met alle Zwanen daarin en bijbehorende pro quota zoo in dier voegen bij wl. Albertus Lijclama à Nijeholt in leven Secretaris van Hennaerderadeel is becomen en gekogt is van wl. de heer Menno van Burmania van Tziaarda wegens de adellijke state Donia genaamt gelegen onder Oosterend [...] strekkende deze Zwanejacht zich uit onder de dorpen Oosterend, Ytens, Lutkewierum en Wommels nevens Hydaard** (proklamaasjeboeken, inv. 52 fol. 72).

Mei oare wurden, Albertus Lycklama à Nijeholt wie by syn libben al hast in echte lânjonker, mar syn bern (sjoch noat 1) trouden – oars as de Sminia's (Spanninga 2001) – net hegerop. Benammen de jongste soan Jacob Egbertus, berne Wommels 1742, letter te IJsselstein, wie yn'e Frânske tiid foarstanner fan 'Vrijheid, Gelijkheid en Broederschap' en syn bern mochten allinnich mei de foarnamme en syn frou heechút mei frou Lycklama oansprutsen wurde (Van der Aa e.o., Diel 12:770). Al mei al gjin minsken dy't – yn tsjinstelling tot de Sminia's – folle oan dat swannejacht as statussymboal hiene. Dan no sekretaris dr. Jacobus van der Kolk (1723-1802), de twadde bewenner fan it nije



*Detailfoto fan ZO IS 'T letter HUIS STRUIK / FILADELPHIA, ca. 1895 (út: Bokma en Kuipers 1985:13)*

'Huis Struik'. Hy promovearret yn 1747 te Frenstjer, trout mei Catharine Elisabeth Hofstede, wurdt advokaat te Meppel en komt yn 1753 nei Wommels. Yn 1754 nimt hy sawol 'de Helling' as it âlde Stroek oer fan de widdo fan syn foargonger. Ik stean wat langer stil by dy proklamaasje:

**Doctor Jacobus van der Kolk Sekretaris van Hennaerderadeel en Cath[arina] Elisabeth Hofstede egteluiden tot Wommels versoeken inwijzinge op de coop van zekere huisinge, hovinge, schuure, schiphuis [...], de Helling genaamd, zoo en in dier voegen als dezelve door de verkopersche worden beseten en gebruikt [...] hebbende tot naastlegers [...] ten westen de Bolswarder trekvaart [...], als mede zekere huisinge, schuure en hoving [...], Struik genaamd en tegenwoordig bewoond door Gelcke Thiedes cum uxore [...], hebbende tot naastlegers ten noorden en oosten de pastorij van Wommels en de boer Wybe Piers, ten zuiden de arme-**



**staat van gemelde dorpe en ten westen het eerst gekogte huis en hovinge, verders beide hovingen met alle bomen daarop staande en de ene beswaart met vier gulden jaarliks ewige rente ten behoeve van de armestaat van Wommels. Aldus beide huisingen, schuuren, hovingen [en] schiphuis cum annexis gekogt van Adriane van Burenstins wedw. Albertus Lijclama a Nyeholt** (idem inv. nr. 50, fol. 264 e.v.).

It docht bliken dat yn 1754 it nije stee mei hoving wer ‘de Helling’ hyt, wylst it âlde stee mei hoving noch ‘Struik’ neamd wurdt. Je soene der hast út opmeitsje wolle dat it âlde hûs ‘de Struik’ tusken 1754 en 1765 ôfbrutsen waard (omdat de namme ‘Huis Struik’ yn 1765 taskreaun wurdt oan it nije hûs by de Trekfeart; Miedema 2002:8), mar hjirby de folgjende oantekeningen. Yn 1801 is it âlde stee diels noch yn wêzen, wylst de namme ‘Huis Struik’ foar it nije hûs oan’t no ta allinnich fûn is yn in grêfboek út 1765; mei oare wurden, it is dêrmei net dúdlik of’t Van der Kolk ek sels it hûs by de Trekfeart ‘Huis Struik’ neamde. Dêr stiet tsjinoer dat hy it âlde stee yn 1801 *net* Struik neamt (folget). Yn dit stikje neam ik it nije stee fierder Struik en it âlde stee Stroek.

Ut de proklamaasje fan 1754 blykt fierder dat op ien fan de twa hovings in ivige rinte lei, mar der stiet [by neier besjen] net by op hokker. Dy rinte kin dus hiel goed slaan – sjoen in rinte fan ‘een floreen, ende nae instructie van ytlicke personen, xxxvi stuvers’, te beteljen oan de tsjerke yn 1543 (Miedema 2002:10) – op de hoving by Stroek, mar we kinne de hoving by Struik net útslúte (sjoch taheaksel). Hoe dan ek, yn 1797 keapet Van der Kolk de ivige rinte ôf fan de diakonij:

**Jacobus van der Kolk secretaris van Hennaarderadeel doet proclameren dat hy van den armvoogd van Wommels daar toe door het provinciaal bestuur van Friesland de dato den 6 oktober 1796 gelast en gemagtigt publiek bij strijkgeld heeft afgekogt vier car. gls. ewige**

**renthe gaande uit desselfs tuin jaarliks, voor de somma van dertig caroligls**

(idem inv. 54 fol. 22).

Jacobus van der Kolk en Catharina Hofstede krije yn Wommels fjouwer bern: Jacoba (1758), Anna Catherina (1760), Titia Maria Apollonia (1763) en Hendrik Willem (1768). De lêste sil syn heit yn 1803 as sekretaris fan Hennaarderadiel opfolgje. Fierder stiet yn 1755 in liifrinte fan f 1.500,- op’e holle fan Emmericus van der Kolk, 4 jier, stoarn 1759, mei as mem Catharine Elisabeth Hofstede en as nimmer fan de rinte dûmny E. Hofstede te Frentsjer (Roarda, n.d.:23).

Behalve sekretaris fan Hennaarderadiel is Jacobus van der Kolk notaris te Wommels, advokaat oan it Hof fan Fryslân en aktyf yn ferskate oare funksjes (sjoch Fluitman 2000). Yn 1772 wurdt hy eigner fan 10 pûnsmiet lân yn in stik fan 42½ pm (dat dan ôfskieden wurdt fan pleats floreenkohier no. 13 op terp Fyns ûnder Wommels, mei as pachter Durk Rientses [Terps-tra]; RA Ljouwert, proklamaasjeboeken inv. 54 fol. 22). Ek hat Van der Kolk gâns oar besit yn Hennaarderadiel mei dêrby ynbegrepen Wommels, mar ik behein my hjir ta syn hûs en hiem. Yn 1777 keapet hy foar 125 ggl. fan 28 st. elk:

**... een schoone tuin ten zuiden de buurt van Wommels, met schoone vrugtdragende bomen, en een somerhuis voorsien, enige jaaren aan een met beste slataarde en dong opgehoogt en verbeterd en in het gepasseerde jaar bijna rondom uitgeslat en heeft tot naastlegers ten oosten het pad [nei de Hofkamp, JM], ten noorden de diaconije, ten zuiden en westen de coopers** (idem inv. 52 fol. 213).

We sjogge hjir dat earst yn 1777 it stik grûn mei nr. 6 (op it kaartsje út 1832) by it hûs mei hoving fan Van der Kolk komt. Nijsgjirrich is dat dit hôf ôfkomstig is fan de erven fan Anna van der Sluis, dochter fan de earder neamde sekretaris Van der Sluys.



Jacobus van der Kolk hie ek noch in hiel oar besit. Yn 1798 wurdt syn bibleteek te Ljouwert feild en neffens de katalogus fan dy feiling hie hy: 161 boeken yn folio, 573 yn quarto, 977 yn octavo en 61 yn duodecimo (yn in brief út 1987 fan H.M. Braaksmas oan H.W. Kuipers te Wommels).

Mar winliken unyk binne de beskriuwings by de folgjende ferkeapings. Yn 1801 ferkeapet Jacobus van der Kolk foar 400 caroligls oan in Gavius Nauta en Pier Jans:

**...een huisinge, buuthuis en schuur met stal voor koejen en paarden, met een put en secreet en molkkamer en overdekte ruimte daar een tredmolen heeft gestaan met staande en leggende plaat, voorsien met twee bedsteden in de kamer en in' t portaalte, met een tuintie lopende vijf voet oostwaarts van de schuur van vercopper [...] naar het vercofte huis [...] hebbende ten noorden een leikvaart, ten westen voornd. schuur [...], ten oosten de diaconie van Wommels, ten zuiden het pad en sloot ten zuiden van het selve lopende [...] Feike Murks daar aan huur competeert (inv. 54 fol 170).**

Dit stee wurdt noch itselde jier troch Gavius Nauta en Pier Jans [faaks strykjildskriuwers] ferkocht oan Hijltje Berents, dy't it wer foar 300 caroligls ferkeapet oan Tjalling Jans, skuonmakker, en syn frou Aucktien Hendrix. Ek in passage út dy beskriuwing jou ik hjir:

**... een huis en erve staande en gelegen tot Wommels bestaande uit een kamer, voorhuis en molkekelder en put sonder wijders met een tuintje strekkende naar de schuur van secr. Van der Kolk tot aan de haag vijff voet van de schuur ... [mei yn'e kantline:] ten oosten de diaconij, ten zuiden de arme staat en gangpad, ten noorden de leijkvaart en ten westen secr. Van der Kolk (idem 54 fol. 199).**

It sil dúdlik wêze dat it hjir net allinich giet om it restant fan in âlde buorkerij, mar ek dat dit hoarnleger op it Stroek lei. It lêste wurdt ûnderskreaun troch it feit dat we dêr yn 1832 noch hieltyd Tjalling Jans as eigner fine (Van der Vaart & Talsma 1994:54). Hjirút kinne, no definityf, de folgjende konklúzjes lutsen wurde:

*It âlde stee, yn 1657 omskreaun as 'hoornleger Stuijck' [Struijck], yn 1702 as 'de Stroek' en yn 1736 as in ruinearre 'state', hat yndied in buorkerij west en dy buorkerij lei op it Stroek.*

Yn 1718 leit op dit stee net in stim (2), mar miskyn moat ik sizze 'net mear': op Stroek binne ek âlde 'moppen' fûn (inf. Geppy Smit-Hoekstra bewenster fan it Stroek; jannewaris 2003) en dat kin wer betsjutte dat 'Struijck' fanâlds net samar in pleats wie.

Hjirmei is noch net sein dat it hoarnleger Struijck fan 1657, fallend ûnder de 'gerechtigheden' fan de Hottinga's, ek it te betterjen Hottinga 'huys' fan 1543 is (Miedema 2002). It lêste lei wol op of by 'een halff pondemaete terpland, leggende oppet suyd van de kercke, genoemt het old Kerckhoff' (Kuipers 1999; Miedema 2002), mar nimme we dat 'oppet suyd' letterlik dan komt earder de streek grûn *westlik* fan it hjoeddeiske keatsfjild – en net it Stroek súdlik dêrfan – yn oanmerking. En it gefal wol dat yn de *foartûn* fan it âlde gemeentehûs – net skeletten mar wol ek, lyk as op it Stroek – 'kleastermoppen' fûn binne (ynf. Lútsen de Vries, destiids anneks mei de oanlis fan in djipriolearring). Koartsein, dêr moat noch neier histoarysk en argeologysk ûndersyk nei dien wurde.

Unyk is ek dat (yn 1801) sprake is fan in lykfeart *noardlik* fan Stroek. No hie eartiids elke pleats fan oansjen in opfeart dy't winliken tagelyk lykfeart wie, mar dizze sleat wie net samar in lykfeart. As regel fine we op âlde kaarten allinnich dizze relatyf brede sleatten wêrom en op de kaart fan Schotanus-Halma (1718) fine we yndied in feart dy't lâns de noardkant fan it Stroek rint (sjoch kaartsje 2).



*In stikje fan de kaart fan Schotanus-Halma út 1718 [tige útfargerutte]*

Dúdlik rint op dit kaartsje út 1718 in feart benoarden en -noardwesten it Stroek fierder troch nei it noarden (lofts fan de W fan Wommels), nei wer't no sawat it gemeenthûs stiet, en dat makket dizze lykfeart 'fan Stroek' no krekt sa bysûnder:

- a. it giet hjir om in stik opfeart, in ôfsplitsing fan de grutte feart tusken Terpen/Britsaerd en Stapert, wêrfan it úteinde nei de buorren ta oant yn de foarige ieu noch 'it lykstap' neamd waard (ynf. Daan de Hoop),
- b. de ôfwettering fan it stik fan Terp Wommels dat no it keatsfjild is folget fanâlds de loop fan dizze feart [sjoch ek de foto út'e loft yn Bokma & Kuipers 1985:52],
- c. de feart dy't noch net lang lyn tusken it Stroek en de pleats eastlik dêrfan [foarhinne Boersma] te finen wie – en wêrfan no noch it wat nuvere stikje wiid wetter súdlik fan it keatsfjild tsjúget (foto 3) – lei/leit presys op'e route fan de feart op it kaartsje út 1718,
- d. by de bou fan it nije gemeenthûs yn 1986 waarden spoaren fûn fan in 'lykfeart' út de midsieuwen, faaks tichtsmiten by de bou fan it âlde gemeenthûs c. 1840 (Elzinga 1986),
- e. yn'e tritiger jierren fan de foarige ieu waard by de oanlis fan in putsje in skelet oantroffen oan'e foarside fan it hûs Hofkamp no. 1 [súdlik fan it âlde gemeenthûs] en ek in skeletdiel eastlik fan Hofkamp no. 1 op it keatsfjild (Kuipers 1999:2),
- f. yn 1939 waard in kelder eastlik ûnder it âlde gemeenthûs oanlein; dêrby fûnen de grûnwurkers in spearpunt en skeletten (Kuipers 1992) en fan de skoalbern dy't dêr op ôf kamen wit ien noch dat dy skeletten der 'oarderlik begroeven' hinne leine ('ik ha se sels lizzen sjoen'; ynf. Jan Boonstra),
- g. doe't yn 1978 it keatsfjild egalisearre waard, lokalisearren argeologen dêr in 'grafveldje': 'Dit veldje lag aan de westelijke zijde van het kaatsveld en zal zich tussen het kaatsterrein en het gemeentehuis hebben voortgezet. Volgens de heer Elzinga is hier sprake van een christelijk grafveldje, aangezien de skeletten in oost-west richting lagen (Huisman 1978; mei tank oan Rients Smit en Jaap Scheffer).
- h. yn 1986 waarden by de oanlis fan de kelders ûnder it nije gemeenthûs [noardlik fan it âlde] *net* skeletten fûn, mar wol wer in skelet súdlik fan it âlde gemeenthûs by it graven fan in put foar in needgebouw (ynf. Lútsen de Vries). Mei oare wurden, (i) de lykfeart noardlik fan Stroek yn 1801 ferwiist grif nei it 'old Kerckhoff' neamd yn 1543, en (ii) dat âld hôf lei benoardwesten fan it Stroek.



